

**Jiergearkomste Feriening Frysk Underwiis op 02-02-2005**

De Bouhof, Rengersleane 10 te Ljouwert

Oanwêzich op de mienskiplike gearkomste fan FFU, VLLT en PW om 14.00 oere yn de 'kûle' fan De Bouhof

Oanwêzich: Th. Dijkstra, Ed. Knotter, Th. van der Veen, Gerben Gerbrandy, Johan Bloem, Harm van Zuiden, Reitze Jonkman, Koop C. Scholten, Jan R. van der Burg, Klaske Straatsma-Westerhof, Koen Eekma, Martsje Miedema-Loonstra, Michiel de Ruiter, Henk Jongasma, S.T. Hiemstra, Willem Bosma, *J. Feenstra, *A. Klunder, *Sharifa Maduro, *Bart de Boer, *Anna Marije Bloem [**Pabû-studenten*], A.J. de Vries [*LC*], D. van der Schaaf, S. Haagsma, W. Grit, J. van der Bij, H.J. Weyer [*Frysk Boun om Utens*]; B. Boersma [*FD*], D.G. Heeringa [*Bernlef*], A. Posthuma [*Pabû*], B. Gezelle Meerburg, H. Deelstra [*FA*], Elbrecht Claus [*Te Mâl*], Sybren Posthumus [*FNP*], Tjallien Kalsbeek [*Te Mâl*], Pier Bergsma, Eelke Goodyk, Liskje Flapper, Rindert Straatsma, Tsjerk Veenstra, Sytse Ypma, A. Feitsma [*frou Feitsma stiet net op presinsjelist*].

Mei kundskip ôfwêzich: Bareld de Vries

Mienskiplike gearkomste om 14.00 oere

Om mear jonge minsken - yn dit gefal studinten fan de learareoplieding basisûnderwiis - by ús wurk te belûken, hiene wy keazen foar in wat oare opset as gewoanwei. Oant no ta kamen wy meastentiid op jûn byinoar yn sealesintrum 'It Aljemint' fan de Fryske Academy. Yn oerlis mei in groepke entûsjaste studinten hiene wy no de middei foar kar nommen en as plak fan gearkommen ien fan de beide hegeskoallen yn Ljouwert.

Inisjatyfnimmers wiene, lykas oare jierren, de FFU, de seksje Frysk fan de *Feriening fan Learaars yn Libbene Talen (VLLT)* en it *Pedagogysk Wurkferbân* fan de FA. Oanlieding foar it sintrale ûnderwerp wie de frij negative útslach fan in Nipo-enkête oer it trochjaan fan it Frysk oan de jongere generaasje (nov. 2004): It Frysk dat wat langer wat mear in hústaal wurde soe. Hoe tinke oankommende learkrêften dêroer? It niisneamde groepke jongelju fan beide hegeskoallen hie dêr in ûndersyk oer opset ûnder de studinten en in programma taret foar in byienkomst op de 2^{de} febrewaris 2005 mei de útslach en in diskusje (mei Freark Smink), ôfwiksele mei muzikale bydragen.

It programma waard op in tige fertsjinstlike wize ta útfiering brocht. It tal Pabû-studenten dat de gearkomste bywenje koe en bywenne hat, wie troch oare ferplichtings en omstannichheden te lyts.

Oanwêzich op de húshâldlike gearkomste fan de FFU yn lokaal 1812 fan 'e Bouhof:

Thys van der Veen, Ed. Knotter, Jabik van der Bij, Wim Grit, Hans Weyer [*Frysk Boun om Utens*], Gerben Gerbrandy, Klaske Straatsma-Westerhof, Rindert Straatsma, Liskje Flapper, Tom Dykstra, Sytze T. Hiemstra.

Mei kundskip ôfwêzich: Bareld de Vries, Johan Bloem en A. Feitsma

Húshâldlike gearkomste om 16.00 oere***1. Wolkom en meidielings***

De húshâldlike gearkomste fan de FFU begjint om 16.45 oere, mei't it mienskiplike part (FFU, VLLT, PW) foarôfgeand oan de gearkomste fan it FFU útrûn is. Yn alle gefallen wol eltsenien foar seizen wol nei hûs.

De foarsitter Th. Dykstra hyt it espeltsje minsken in wolkom ta. Foar guon wie it in hiele toer om it lokaal fan gearkommen te finen. Nei oanlieding fan de mienskiplike gearkomste seit Dykstra dat der noch in ôfslutend petear folge sil mei de Pabû-studinten dy't meiwurke hiene oan it mienskiplike part.

2. Fêststellen fan de wurklist

De wurklist wurdt fêststeld sa't dy foarleit.

3. Ferslach jiergearkomste 2004

Oer it ferslach fan de jiergearkomste fan 2004 wurde inkelde opmerkings makke: *Listkje* moat wurde *Liskje*, it FFU moat wurde *de* FFU.

Dykstra merkt op dat Sytze Hiemstra gâns wurk makke hat fan it jierferslach 2004. It is in wiidweidich en helder stik wurden, de leden hawwe in goed en detaillearre ynsjoch yn de wurksumheden fan it bestjoer krigen.

4. Besprek jierferslach 2004

Oer inkelde passazjes yn it jierferslach wurde opmerkings makke: side 2: *it* tredde bestjoersôfspraak wurdt dêrom feroare yn *de* tredde bestjoersôfspraak; op de lêste side fan it ferslach wurdt steld dat de keardoelen loslitten binne en definityf wêze soene, mar soks is noch net it gefal. J. van der Bij priuwt yn de keardoelen fan it Frysk ferskil fan ynsjoch by de oanbelangjende persoanen/ynstânsjes. Sytze Hiemstra merkt op dat boppe alles de *lykweardigens* oerein bliuwe moat. Faaks moat dat noch wat skerper formulearre wurde yn it jierferslach. Tusken de FFU en de Ried fan de Fryske beweging bestiet yn gjin gefal ferskil fan miening oer it begryp lykweardigens. Rindert Straatsma giet op in eardere opmerking fan E. Goodyk yn dat de keardoelen wat ôfswakke wurde kinne. Dy kant moatte wy net út, seit er. Liskje wol hawwe dat der nei de begjinsitewaasje fan de learlingen sjoen wurde moat en soks hâldt differinsjaasje yn, in bekend ferskynsel yn it ûnderwiis fan hjoed de dei. Van der Bij is fan betinken dat de kontrôle op it Frysk yn 'e skoallen net fan 'e grûn komt. Ek moat de FFU stelling nimme tsjin de opfetting dat *alle* keardoelen troch *alle* learlingen *berikt* wurde moatte soene. Om 17.00 oere moat Van der Bij de gearkomste ferlitte fanwegen persoanlike reden.

Th. Dykstra leit út dat er yn it oerlis siet fan de SLO dat dwaande wie mei de keardoelen. Hy wie ien fan de leden fan dat oerlis en dat wie in oare posysje as dy fan foarsitter fan de FFU. De FFU hat oan de Ried in brief stjoerd oer de lykweardigens fan it Frysk, sadwaande bestiet tusken Ried en FFU gjin ferskil fan miening oer dy lykweardigens.

Gerbrandy wol yn de steatekommisje Boarger & Mienskip fan 16 maart 2005 op de opmerking fan Van der Bij weromkomme.

Grit merkt op dat op it stik fan de keardoelen it begjinsel fan lykweardigens oerein bliuwe moat, mar yn de útfiering moat sûplesse betoand wurde. De keardoelen Frysk moatte de Stellingwerven net opkrongen wurde. Hiemstra wiist op kêst 8 fan it Hânfest. Der wenje sa'n 30% Frysktaligen en sa'n 30% Hollânsktaligen yn de Stellingwerven. Dat hat dus ek gefolgen foar it neistribjen fan de keardoelen Fryske taal en kultuer yn dy kriteren.

Dykstra seit dat de spegeling mei it Nederlânsk oerein holden wurden moat. Foar 2 maart moat der mar in brief oer de keardoelen en it begjinsel fan de lykweardigens nei de steatekommisje.

Liskje Flapper wol hawwe dat it primêr ûnderwiis flinker mei it Frysk te set moat.

Op in fraach oer aspekten fan it wurk fan de FFU dy't mear oan bod komme moatte soene, merkt Klaske Straatsma-Westerhof oer in passazje yn it jierferslach op dat *aksje fan bestjoersleden* feroare wurde moat yn *aksje fan 'e leden*.

Oangeande it lêsbefoarderingsprojekt wurdt opmurken dat dat noch rint. Flapper is fan betinken dat it ûndersyk ynhâldlik net sa goed is, omdat frij âld lêsmateriaal brûkt is.

Hiemstra docht in oprop oan 'e leden om misstannen (kasussen) foar it *swartboek* te melden. Sa'n swartboek kin letter ek oanbean wurde oan de provinsje. Op in fraach fan Grit oft sa'n swartboek der is, kin Hiemstra befêstigjend antwurdzje. De fraach is ek oft der ek in *wytboek* komme moat, foar positive kasussen. De leden wurden wiisd op de webside fan De FFU: www.fryskebeweging.nl → Feriening Frysk Underwiis (FFU) → Taalkonflikten.

5. Finânsjes

De jierrekken is troch sykte fan Straatsma wat ferlette. It bedrach op de balâns buorket foarút. Foar de nije struibrief foar jonge húshâldings is in bedrach reservearre. De kaskommisje-leden Gerbrandy en D.G. Heeringa [Bernlef] hawwe gjin opmerkings of it soe wêze moatte dat foar beskate útjeften wol wat jild beskikber steld wurde kin. De foarsitter betanket de kaskommisje, Gerbrandy giet ôf en W. Grit (Nije Herne 10, Winsum) nimt syn plak yn.

6. Bestjoerssaken

Sytze Jeh. Hiemstra jr. makket en ûnderhâldt as webmaster de webside fan de FFU. Hy kriget dêre in fergoeding fan €8,- oers foar, dat is it minimumlean.

7. Omfreegjen

Der wurdt opmurken dat ledewinning in goed ding is. Mar hoe? Gerbrandy wol hawwe dat soks op 'e skoallen op âlderjûnen en op pjutteboartersplakken plakfine moatte soe.

Ed Knotter dielt mei op dat de kosten fan 'e mienskiplike middei oer de trije organisaasjes ferdield wurde.

8. Sluten

Om 17.45 oere slút de foarsitter de gearkomste en winsket elkenien in wol thús.

TvdV en STH